



PARSEBERJOCHT

Nûmer: 028 KV
Datum: 14 april 2026

Subsydzjeregeling foar Frysk ûnderwiis op 'e nij iepen

Alle berne-opfanglokaasjes, skoallen en skoalbestjoeren yn Fryslân kinne fan 22 april oant en mei 30 septimber 2026 subsydzje oanfreegje foar it fuortsterkjen fan de posysje fan de Fryske taal en kultuer. Der is fan 't jier €1.000.000,- beskikber. De subsydzjeregeling Frysk foar no en letter is ûnderdiel fan it projekt Taalplan Frysk 2030 en is ek opnommen yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer dy't provinsje Fryslân en it Ryk sletten hawwe.

Deputearre Eke Folkerts: "Mei de subsydzjeregeling kinne skoallen ekstra stipe krije by it realisearjen fan harren ambysjes foar it Frysk. Der binne op it stuit in protte ûntwikkelingen op it mêd fan it Frysk yn it ûnderwiis. Sa binne der nije keardoelen foar Fryske taal en kultuer fêststeld en komme der nije eksamenprogramma's oan. Mei dizze regeling wurde skoallen, opfanglokaasjes en bestjoeren stimulearre en stipe om op 'e nij nei harren ambysjes foar de Fryske taal en kultuer te sjen. Yn kombinaasje mei Taalplan Frysk 2030 ynvestearje wy mei dizze regeling yn de kwaliteit fan it Fryske ûnderwiis op alle opfanglokaasjes en skoallen en op alle ûnderwiisnivo's."

Frysk foar no en letter

Alle ûnderwiissektoaren komme yn oanmerking foar subsydzje: berne-opfanglokaasjes, primêr en fuortset ûnderwiis, mbû, hbû, wû en spesjaal ûnderwiis. Der kin subsydzje oanfrege wurde yn 5 kategoryen: Frysktalich les- en lêsmateriaal, kultuer- of erfgoededukaasje, oplieding of kursus, it oanbieden fan meartalich fuortset ûnderwiis (Taalryk-skoallen), en it ûntwikkeljen en yn it wurk setten fan in plan foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer. Sawol in opfanglokaasje as skoalle kin de kategory ien kear in oanfraach dwaan yn dizze perioade.

De subsydzjeregeling bestiet sûnt 2021 en giet alle jierren iepen. Ferline jier wie der €600.000,- beskikber ferdield oer fjouwer kategoryen. It budzjet is fan 't jier ferhege nei €1.000.000,- om't de regeling útwreide is nei 5 kategoryen. Nij is de kategory foar it yn it wurk setten fan in plan foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer. De provinsje Fryslân wol mei it tafoegjen fan dy kategory it Fryske ûnderwiisfjild stimulearre om de Fryske taal en kultuer in stevich plak te jaan yn it ûnderwiis. Dêrby kin it bygelyks gean om it opsetten fan in eksamentrajekt Frysk, it ûntwikkeljen fan in skoaleigen kurrikulum rjochte op it yn it wurk setten fan de keardoelen Fryske taal en kultuer 2026, it yntegrearjen fan Frysk en meartaligens yn in oplieding, of it oanstellen fan in boppeskoalske koördinator foar it skriuwen fan plannen dy't derta liede dat de Fryske taal en kultuer yn in skoalkoepel fuortsterke wurdt.

Mear ynformaasje oer de regeling is te finen op: www.fryslan.fr/fryskfoarnoenletter. Mei Taalplan Frysk 2030 wol de provinsje alle bern yn Fryslân in kâns biede om (oer) de Fryske taal en kultuer te learen en te brûken. Mear ynfo: www.taalplan.fr.



PERSBERICHT

Nummer: 028 KV
Datum: 14 april 2026

Subsidieregeling voor Fries onderwijs opnieuw open

Alle kinderopvanglocaties, scholen en schoolbesturen in Fryslân kunnen van 22 april tot en met 30 september 2026 subsidie aanvragen voor het versterken van de positie van de Friese taal en cultuur. Er is dit jaar € 1.000.000,- beschikbaar. De subsidieregeling Frysk foar no en letter is onderdeel van het project Taalplan Frysk 2030 en is ook opgenomen in de Bestuursafpraak Friese taal en cultuur die provincie Fryslân en het Rijk hebben gesloten.

Gedeputeerde Eke Folkerts: “Met de subsidieregeling kunnen scholen extra steun krijgen bij het realiseren van hun ambities voor het Fries. Er zijn op dit moment veel ontwikkelingen op het gebied van het Fries in het onderwijs. Zo zijn er nieuwe kerndoelen voor Friese taal en cultuur vastgesteld en komen er nieuwe examenprogramma's aan. Met deze regeling worden scholen, opvanglocaties en besturen gestimuleerd en ondersteund om opnieuw naar hun ambities voor de Friese taal en cultuur te kijken. In combinatie met Taalplan Frysk 2030 investeren wij met deze regeling in de kwaliteit van het Friese onderwijs op alle opvanglocaties en scholen en op alle onderwijsniveaus.”

Frysk foar no en letter

Alle onderwijssectoren komen in aanmerking voor subsidie: kinderopvanglocaties, primair en voortgezet onderwijs, mbo, hbo, vwo en speciaal onderwijs. Er kan subsidie worden aangevraagd in 5 categorieën: Friestalg les- en leesmateriaal, cultuur- of erfgoededucatie, opleiding of cursus, het aanbieden van meertalig voortgezet onderwijs (Taalryk-scholen), en het ontwikkelen en in het werk zetten van een plan voor het versterken van de Friese taal en cultuur. Zowel een opvanglocatie als school kan per categorie één keer een aanvraag doen in deze periode.

De subsidieregeling bestaat sinds 2021 en gaat ieder jaar open. Vorig jaar was er €600.000,- beschikbaar verdeeld over vier categorieën. Het budget is dit jaar verhoogd naar €1.000.000,- omdat de regeling is uitgebreid naar 5 categorieën. Nieuw is de categorie voor het in werking zetten van een plan voor het versterken van de Friese taal en cultuur. De provincie Fryslân wil met de toevoeging van deze categorie het Friese onderwijsveld stimuleren om de Friese taal en cultuur een stevige plek te geven in het onderwijs. Daarbij kan het bijvoorbeeld gaan om het opzetten van een examentraject Fries, het ontwikkelen van een schooleigen curriculum gericht op het in werking zetten van de kerndoelen Friese taal en cultuur 2026, het integreren van Fries en meertaligheid in een opleiding, of het aanstellen van een bovenschoolse coördinator voor het schrijven van plannen die ertoe leiden dat de Friese taal en cultuur in een schoolkoepel wordt versterkt.

Meer informatie over de regeling is te vinden op: www.fryslan.fr/fryskfoarnoenletter. Met Taalplan Frysk 2030 wil de provincie alle kinderen in Fryslân een kans bieden om (over) de Friese taal en cultuur te leren en te gebruiken. Meer info: www.taalplan.fr.